

Provinsjale Steaten van de Provinsje  
Fryslân  
Fraksje fan de FNP en ChristenUnie,  
t.a.f. hear W. Veenstra en hear M. de Vries  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 15 desimber 2020

Ferstjoerd, **↑ 6 DEC. 2020**

Ús merkteken : 01821670  
Ôfd/Opjefte : Mobiliteit  
Opsteld troch : M. Looienga / (058) 292 84 95 of m.looienga@fryslan.frl  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :  
Ac  
Ûnderwerp : Beäntwurdig skriftlike fragen oer tsjokfolle bussen

Achte hearen Veenstra en De Vries,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 26  
novimber 2020, beäntwurdzje wy as neikomt.

*Ynlieding:*

*De FNP en de ChristenUnie hawwe konstatare dat guon Fryske buslinen yn de spits  
tsjokfol sitte. Fan maaie ôf hawwe ferskillende partijen fragen steld oer skoalbern en  
studinten yn it iepenbier ferfier en oer de wize wêrtroch troch sprieding it oantal minsken dat  
tagelyk yn de bus of trein sitte nei ûnder brocht wurde kin.*

*Yn de antwurden hat it Kolleezje oanjûn dat de provinsje as konsesjeferliener tasjocht op in  
goede en ferantwurde útfiering fan it iepenbier ferfier. 1 Boppedat is de provinsje belutsen by  
it meitsjen fan neiere ôfspraken mei de skoallen en de ferfierders.*

*Yn de leeftiidsgroep fan skoalbern en studinten rinne de koroanasifers yntusken sterk op en  
dêrom stelle wy in tal fragen.*

*Fraach 1:*

*Wat binne de ôfspraken dy't it kolleezje mei de ferfierder(s) en de skoallen makke hat? Komt  
dat oerien mei it nijste Afsprakenkader Veilig openbaar vervoer VO.2*

*Antwurd fraach 1:*

Fierwei de grutste reizgersdoelgroep yn Fryslân binne studinten fan it mbo en hbo. Arriva hat  
yn de simmer fan 2020 mei NHL Stenden Hogeschool, Van Hall Larenstein,  
it Nordwin College, ROC Friese Poort en it Friesland College ôfspraken makke om it  
oantal reisbewegings fan studinten yn it iepenbier ferfier yn Fryslân te sprieden.  
De lesroasters binne sa makke dat studinten net allegearre tagelyk nei lokaasjes komme. Wy

binne as opdrachtjouwer fan de OV-konsesje yndirekt by dizze ôfspraken behelle.

Ek mei it fuortset ûnderwiis hat Arriva yn oerlis west om ôfspraken oer sprieding te meitsjen. Yn dat oerlis is it Afsprakenkader Veilig Openbaar vervoer VO.2 it útgangspunt. It fuortset ûnderwiis is lykwols beheind yn har mooglikheden om te sprieden om't dy sektor mei strange rânebetingsten te meitsjen hat. Nettsjinsteande dy beheining is der regulier oerlis om mooglike knyppunten te lokalisearjen, lykas ek neamd yn it Afsprakenkader. Dêrnjonken roppe de ûnderwiisinstellingen konfoarm it Afsprakenkader de learlingen en studinten op om safolle mooglik mei de fyts te reizgjen.

Nei de simmerfakânsje hâlde wy mei Arriva de situaasje sekuer yn de gaten. Dêrnjonken evaluearje wy mei de ûnderwiisinstellingen alle 3 wiken oft der noch knyppunten binne. Foar it mbo en hbo binne wy yn petear mei NHL Stenden Hogeschool, Van Hall Larenstein, Friesland College, ROC Friese Poort en Nordwin College. Foar it fuortset ûnderwiis binne wy yn petear mei fertsjintwurdigers fan sawol iepenbiere as kristlike ûnderwiiskoepels. Yn it lêste oerlis op 20 novimber II. is konkludearre dat der gjin (kapasiteits)problemen binne, dy't it neamen wurdich binne.

*Fraach 2:*

*Hat it kolleezje sicht op de situaasje fan it iepenbier ferfier yn Fryslân en de drokte op de ferskillende lijnen? Is it kolleezje it mei de FNP en de ChristenUnie iens dat tsjokfolle bussen yn in tiid fan oprinnende persintaazje besmettingen ûnder jongerein3 safolle as mooglik tsjingien wurde moatte?*

Antwurd fraach 2:

Op grûn fan it lanlike OV-protokol jildt sûnt 1 july II. dat alle sitplakken en oanwiisde steanplakken yn bus, trein, tram, metro en Waadfearen wer beskikber binne om derfoar te soargjen dat der mear minsken mei it OV reizgje kinne. Alle dagen ûntfange wy foar alle busritten dy't ûnderdiel binne fan de buskonsesje it oantal ynstappers de rit. Op basis fan de gegevens dy't wy fan Arriva oanlevere krije, docht bliken dat der oant no ta (7 desimber 2020) net ien bus mear as 100% beset west hat. Om foar te kommen dat bussen struktureel te fol wurde, set Arriva by mear drokte út foarsoarch fersterkingsritten yn.

Wy binne it mei jo iens dat struktureel grôtfolle bussen net te winskjen binne yn tiden fan oprinnende besmettingen ûnder de jongerein. Mar lykas sein, monitoaringsresultaten litte objektyf sjen dat de bussen net te fol binne. It is mooglik dat reizgers dat subjektyf oars ûnderfine. Fan de bussjauffeurs krije wy sinjalen dat lang net alle sitplakken brûkt wurde, trochdat reizgers leaver net njonken inoar sitte (wat wol tastien is neffens it OV-protokol) en dêrtroch yn it gongpaad stean bliuwe. Dêrtroch lykje de bussen mooglik foller dan se feitlik binne.

*Fraach 3:*

*Yn jo antwurd op fragen fan de kollega's De Vries en Meijerman4 hat it kolleezje earder skreaun dat der, yn gefal fan in lockdown, binnen twa wiken oanpassingen oan de tsjinstregeling trochfierd wurde kinne. Binne der yntusken al oanpassingen dien of is it kolleezje al yn oerlis mei de ferfierders oer oanpassingen?*



Antwurd fraach 3:

Wy binne sûnt it útbrekken fan de koroana-pandemy oanhâldend yn petear mei Arriva oer it oanpassen fan de tsjinstregeling om ûnwinsklike situaasjes foar te kommen. Arriva rydt op it stuit in 100% tsjinstregeling. Mei yngong fan 13 desimber 2020 sil Arriva in oanpaste tsjinstregeling ride, dêr hawwe wy jimme op 8 oktober II. mei brief mei skaaimerik 01798391 oer ynformearre. Dêrnjonken wurket Arriva foar 2021 ferskillende tsjinstregelingssenario's út om fraach en oanbod sa goed mooglik op elkoar ôf te stimmen. Dy senario's kinne binnen twa wiken wiksele wurde, ôfhinklik fan de aktuele situaasje. Dêrnjonken hâldt Arriva altyd ekstra kapasiteit efter de hân foar maatwurkoplossings yn akute situaasjes.

Fraach 4:

*As dat it gefal is, hokker oplossingen sjocht it kolleezje om de drokte en it tal tsjokfolle bussen yn de spits te minderjen? Wurdt it net tiid om yn de spits ekstra bussen yn te setten?*

Antwurd fraach 4:

Mei Arriva bliuwe wy de kommende moannen yn petear mei de ûnderwiisinstellingen. Doel is dat studinten ferspraat nei ûnderwiislokaasjes reizgje, yn alle gefallen oant it nije stúdzjejier (septimber 2021). Dy ôfspraken drage by oan minder folle bussen yn de spits. Dêrnjonken monitoare wy it oantal ynstappers de rit en beprate de útsjitters mei Arriva om, as it nedich is, te sjen nei maatwurkoplossings.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouijis - Riemersma, MBA MCM, sekretaris